| SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 42 Reglemint fan Oarder 2021 |
|---|

| | |
|---|---|
| Rjochte oan DS / lid DS | **Hoogland, Fokkens**<br><br>**Underwerp: grûnoankeapen De Burd** |
| Ynliedende taljochting (fakultatyf) | **Grûnbelied 2020 en 2013**<br>Op 27 maaie 2020 hawwe PS besletten ta in aktualisearring fan it provinsjale grûnbelied (Nota Grûnbelied 2020). Yn de fêststelde Nota is ûnder oaren dizze tekst opnommen: 'De operationele kaders en verantwoordingsprincipes uit de nota uit 2013 hoeven niet aangepast te worden. Wij menen dat het huidige grondbeleid grotendeels voldoet, maar dat de genoemde beleidsvoornemens en ontwikkelingen in de maatschappij wel nopen tot deze aanpassingen. Het grootste deel van de regels en criteria uit de bestaande nota nemen wij daarom hierin weer integraal over.'<br><br>It giet ûnder oaren om de folgjende kritearia, dy't likernôch letterlik oernommen binne út de oarspronklike Nota Grûnbelied 2013: 'I Het grondbeleid van de provincie heeft als doel om het uitvoeren van taken en het realiseren van beleidsdoelen mogelijk te maken. We kopen dus alleen grond en opstallen aan ten behoeve van deze taken en beleidsdoelen;' en 'IV: Grondaankopen vinden in beginsel plaats na afronding van de provinciale besluitvorming over het plan waar deze gronden voor worden verworven. Grondaankopen vooruitlopend op definitieve besluitvorming worden alleen gedaan als de dekking geregeld is binnen de vastgestelde provinciale begroting en: a) er de gegronde verwachting is dat binnen drie jaar sprake zal zijn van een definitief plan dan wel b) de gronden nodig zijn voor een gebiedsontwikkelingsproject waarbij PS nadrukkelijk het besluit hebben genomen om hierin deel te nemen. Voor alle andere aankopen is een expliciet besluit van Provinciale Staten nodig.'<br><br>Ien fan de dielbesluten wie fierder:<br>'Gedeputeerde Staten te mandateren tot het doen van strategische en anticiperende aankopen, één en ander binnen de in de nota grondbeleid 2020 geformuleerde criteria;<br>3. Een investeringskrediet Strategische Grondvoorraad beschikbaar te stellen van € 23,5 mln;'<br><br>**Grûnoankeapen De Burd en in nije farwei Drachten**<br>De Provinsje hat okkerdeis ûnreplik guod oankocht op De Burd. De Burd is noch mar koartlyn folslein op'e nij ynrjochte foar duorsum (agrarysk) natuerbehear yn feangreide. De noardkant fan De Burd leit op in mooglik trasé foar in nije farwei nei Drachten troch de Hege Warren. Der wurdt yn de |

| | |
|---|---|
| | regio grute dat de oankeap te krijen hawwe soe mei dy nije farwei. |
| Fraach / fragen | 1. Kloppet it dat de Provinsje op de Burd ûnreplik guod oankocht hat? Hoefolle grûn hawwe wy it oer?<br>2. Mei hokker beliedsdoel of konkreet projekt foar eagen hat de Provinsje dat dien?<br>3. As de oankeap dien is mei it each op in eventuele takomstige nije farwei nei Drachten, is der dan sprake fan in strategyske of antisipearjende oankeap mei mandaat fan it Kolleezje konform it twadde dielbeslút by de Nota Grûnbelied fan 2020? Graach jo útlis.<br>4. As der yndied in relaasje is fan de grûnoankeap op de Burd mei in eventuele nije farwei, hoe ferhâldt dit him dan ta de kritearia yn paragraaf 4.3 fan de Nota Grûnbelied 2013, sa’t dy oernommen binne yn de Nota Grûnbelied 2020, dat der sprake wêze moat fan foltôge beslútfoarming troch PS en finansjele dekking?<br>5. En hoe ferhâldt him dit dan ta de gebietsûntwikkeling de neistlizzende polder de Hege Warren, dêr’t PS noch gjin beslút oer nommen hawwe? Graach jo útlis. |
| | |

| | |
|---|---|
| Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hantekening)<br><br>FNP, Wopke Veenstra |

| | |
|---|---|
| Datum | 13 desimber 2021 |